



# **ALLE BALLEEN OP BERTHA**

**(Kaviar trifft Currywurst)**

**Friese blijspul yn trije bedriuwen**

**Fan**

**WINNIE ABEL**

**Oerset en bewurke troch Ben ten Velde**

**Foar it Frysk oerset troch**

**Lammert Dijkstra**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**

**Tel: 072 - 5 11 24 07**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

**Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **KAVIAR TRIFFT CURRYWURST - ALLE BALLEEN OP BERTHA** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **WINNIE ABEL** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: © 2020 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **8** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

## PERSONEN:

**Bertha Wolters** - Eigneress en goede siel fan de kroech "De Waarme Bal". Dêr stiet de wat lompe, brutale frou efter de bar en hat altiten wol tiid om nei har stamgasten te harkjen. De kroech fan Bertha is behoarlik fertutearze en Bertha sels is wat gaoatysk en snústerich. Sy smookt as in skoarstien en negearret ek it smookferbod yn de hoareka. Mei dizze kroech hat Bertha har dream wiermakke. Mei de tiid feroaret de mûtele Bertha optysk yn in selsbewuste en fersoarge frou.

**Job Blom** - In wurkleaze stamgast en de partner fan Bertha. Job is in leave, ûnhandige man, dy't foar syn Bertha allinnich mar it bêste wol. Troch syn ûnhandigens soarget er hieltiten wer foar gaos. As Harry opdûkt, krûpt Job yn de rol fan tiptop ober en soarget der troch ferskate brike ûngemakken hieltyd wer foar dat Bertha hast ûntmaskere wurdt. Job falt optysk hast net op. Hy draacht galgen en hat syn tinne, ljochte hier yn in lytse hynstesturt.

**Baron Harry van Voorst** - Neef fan Bertha. Hy hat it skjinmakbedriuw fan syn âlden yn in skjinmakketen feroare en hat dêrmei wrâldwiid sa útwreidzje kinnen, dat er al jierren yn 't jild swimme kin. Hy docht syn bêst om mei alles dat mar ekstravagant is syn libben op de Bahama's te sliten. Hy is behoarlik narsistysk en in opskepper en hat himsels in aadlike titel oanmetten. In fêste en serieuze relaasje mei in frou kin de genietsuchtige Harry net oan. Harry hat in selsbewust loopke, is brúnferbaarnd, strykt geregeld troch syn wat lange ljochte hier en draacht djoere klean, dy't him der goed útsjen litte.

**Mieke Stoffers** - Stamgast by Bertha en in frou allinnich. Kriget by Bertha net allinne mar har deistige konsumpsje, mar ek wize libbenslessen. Mieke is bysûnder nayf en in bytsje dom. Se wurdt hieltyd wer fereale op de ferkearde mannen en hopet lykwols op de man fan har dreamen. Mieke hat in rôze joggingpak oan en besiket der op har manier dochs noch wat fan te meitsjen. Yn it eksklusive restaurant fan Bertha slûpt se yn de rol fan moaie dame mei etikette, mar troch har ûnbehouwen wize fan dwaan, falt se hieltyd wer út har rol.

**Willem Schulte** - Willem hat it eksklusive restaurant “Willems Wijnkasteel” dat njonken de kroech fan Bertha stiet. Willem is in haatdragende man dy’t de kroech fan Bertha in stikel yn ‘e foet is. Hy sjocht dizze ‘smet’ njonken syn moaie wynkasteel it leafste ferdwinen. As er yn de gaten kriget dat Bertha ynienen besiket om fan har kroech in eksklusyf restaurant te meitsjen, docht er der alles oan om har te dwersbongeljen. Willem hat in oanwenst en klakt hieltyd mei de tonge, it liket krekt oft er in lûd makket dat as in “Z” klinkt.

**Hester** - Sy is de freondinne fan Harry’s kant. Sy is benammen ynteressearre yn syn jild, dat sa kin se oan har grutte pasje, winkeljen, tajaan. Hester is och sa op har uterlik fiksearre, sjocht konstant yn ‘e spegel en telt alle kaloryen dy’t se nei binnen kriget. Dizze rol kin ek spile wurde troch immen dy’t net sa slank is, dêrfoar hoecht mar ien sin yn ‘e tekst trochkrast te wurden.

**Geart Schut** - De loko-boargemaster. Syn grutste soarch binne de oankommende gemeenteriedsferkiezings. Dêrom docht er der alles oan om yn in goed deiljocht te kommen. Hy wol graach sjen litte dat er it oersjoch hat en dat yn syn doarp alles yn oarder is. Dat Bertha har net oan it smookferbod yn de hoareka hâldt, is him dêrom slim yn ‘e wei en hy hâldt Bertha ekstra goed yn de gaten. As Geart troch in ferwikseling yn ‘e klauwen fan Job telâne komt en hy troch him dronken fuorre wurdt, lit de karriêreman en control freak in hiel oare kant fan himsels sjen.

**Annabel Schut** - In wat arrogante, moaie dame dy’t derfan genietet de foaroansteande frou fan de loko te wezen en ta de notabelen te hearren. Annabel hat al lang de winsk om op de foargrûn te stean. Om dy reden hat se in winkel yn it doarp iepene, dêr’t se de troch harsels mei in tige aparte en keunstsinnige aspiraasje ûntwurpen moade ferkeapet. Har klaaiïng is lykwols sa ekstravagant, mystyk en eigensinnich dat nimmen it weaget om har winkel yn te rinnen.

**Lieke van der Stap** - Kulinêr resinsint fan it blêd “De Fijnproever” wurdt troch Harry meibrocht om it ûnderstelde eksklusive restaurant fan Bertha te testen en dêr in artikel oer te skriuwen yn “De Fijnproever”. Lieke is in dame mei etikette en kiest de wurden soarchfâldich. Yn it ûnderstelde eksklusive restaurant belibbet se in kulinêre ramp, dy’t se net sa gau ferjitte sil.

**Jan** - Wurkleaze stamgast yn 'e kroech fan Bertha. Hy lit al gâns in skoft syn rekken opskriuwe. Jan hat in bierbealch, is gesellich en soarget oan de bar altiten foar in goede sfear. As er lykwols ynienen samar it ûnderstelde eksklusive restaurant yn rinnen komt, stiet syn wrâld op 'e kop en bringt er Bertha yn swierrichheden.

**Hendrik** - Swijsume gast. Foar him is de kroech fan Bertha syn húskeamer. Hy bringt dêr al syn tiid troch. Hy sit lykwols allinnich mar oan de bar, seit neat en stoarret allinne mar yn syn bierglê. As er oansprutsen wurdt, mompelet er op syn heechst wat ûnfersteanbers. Wannear't Bertha har kroech omtsjoent ta in eksklusyf restaurant, wegeret Hendrik swijsum, mar stânfêstich om syn stamkroech te ferlitten. Hendrik sjocht der wat ferwaarleazge en ûnfersoarge út.

### **OANWIZINGS: (dûbelrollen mooglik)**

De rollen kinne fariabel beset wurde tusken de 8 en 11 spilers (fariearjend tusken 4 oant 6 froulju en 3 oant 7 manlju).

De rol fan Willem kin ek troch in frou spile wurde.

Hester yn in dûbelrol mei Lieke is ek mooglik.

Geart yn in dûbelrol mei Jan is ek mooglik.

Lieke kin ek troch in man spile wurde.

De rol fan Hendrik (Henk) kin ek skrast wurde of spile wurde troch in frou.

Noch aardiger is de ynstekker/regisseur m/f dy rol spylje te litten.

### **DEKOR:**

De suterige kroech fan Bertha Wolters. Oan de rjochterkant - of earne oars nei eigen ynsjoch en sichtberens út de seal wei - is de bar mei barkrukken. Fan de bar ôf is der in gerdyn rjochting keuken en nei Bertha's wente. Efter de bar oan de rjochter kant is in doar nei 't húske. Loft is de yngong, dêrnjonken in rût en oan de oare kant in garderobe. Tusken de yngong en de bar steane trije oant fjouwer lytse tafels mei stuollen. Op ien fan de taffeltsjes stiet noch smoarge ôfwask. Oan it efterste lewant is in behoarlik smoarch rût

te sjen. Op it finsterbak lizze stofnêsten en op it rût binne fersierings makke.

Op it efterste lewant hinget in menuboerd mei dêrop (yn losse plakletters) "De Waarme Bal" lykas fierders nei ûnderen in boerd mei dêrop de tekst: "Hjoed: Boerekoal mei Kakwoarst - € 5,50". Op de krechte plak stiet in pylk en immen hat dêr noch in 'n' oan tafoege. Boppedat stiet der noch: "Bakte earapels mei spinaaizje - € 4,50". As der romte is kin ek in drûchrek pleatst wurde; in ôflibbe juke box - yn it earste bedriuw - is ek moai. In net-opromme - keale of plestyk - krystbeam is ek wol aardich. Oan it lewant hinget in foto fan de pleatslike fuotbalklup, en ek in - leafst grut - skilderij fan it jonkje mei de trien, beide hingje fansels bryk. It behang is hjir en dêr ôfblierre.

Yn it stik wurdt "smookt". Dat is maklik op te fangen mei keunst-sigaretten en 'neimakke-reek'. Bertha kin ek oanhâldend sjekjes draaie en dêrnei om 'e nocht sykje om in oanstekker.

## **TIID:**

It stik spilet yn de tsjintwurdige tiid yn it fiktive doarp "Kluitenberg". Dy namme kin fansels feroare wurde yn de plaknamme dêr't it stik spile wurdt.

## **EARSTE BEDRIUW**

### **Sêne 1**

*(Bertha, Mieke, Jan, Hendrik)*

*(it stik begjint mei it liet 'Het kleine café aan de haven'. as it doek iepengiet, kringelet efter de bar reek omheech. Bertha komt efter de bar wei mei in peukje yn 'e mûle; skinkt in konsupsje yn. se hat slofkes oan en mar oan ien skonk in hoas. Mieke sit oan de bar en drinkt bar bierke/cola en lêst wilens in frouljusblêd)*

**MIEKE:** No, mei de manlju haw ik it no ek wol hielendal hân. Oan myn lijf gjin polonêse mear.

**BERTHA:** Wat is der no wer bard?

**MIEKE:** Ik haw op in kontaktadvertinsje reagearre. Hy wie, sa't er melde, in goed útsjende man, yn besit fan eigen ferfier. Ik tocht oan in Mercedes. Mar nee hear, hy kaam op ús earste ôfspraak op in brommer. It like wol in kameel.

**BERTHA:** (*laitsjend*) In kameel op in brommer.

**MIEKE:** Ja, hy hie sa'n bult (*wiist grouwe búk oan*). Doe't er syn helm ôfdie, die bliken dat syn prúk deroan fêst siet. No, dêr stie ik dus mei dy keale kameel. Ik makke noch in grapke en sei wizend op syn búk: do hast sa te sjen in reservehelm meinaam.

**BERTHA:** Dat fûn er grif net sa aardich.

**MIEKE:** Gjinn humor ek, dy man. Doe't er letter sei dat er wol by my oernachtsje woe om my lekker te ferwaarmjen, haw ik him sein dat ik in elektriike tekken haw, en dat ik net ferlegen om him siet. En doe haw ik him ta de doar útset. Nee, foar my foarearst gjinn manlju mear. (*Bertha laket wilens. Mieke giet fierder, har each falt op de trui fan Bertha*) As ik sa nei dyn trui sjoch, kinst dêr, tinkt my, wol in dei fan ite. (*Bertha besjocht har trui, skoddet der in pear itensresten fanôf en lukt oan 'e skouders. Jan en Hendrik komme deryn. Hendrik sit it hiele stik op in fêst plak oan de bar; lêst eventueel yn it pleatslike deiblêd; hy komt net fan 't plak. Bertha set - sûnder te freegjen - de konsumpsjes foar harren del*).

**BERTHA:** Moai dat jim der binne, jonges. Hjir is de bestelling, no ja, bestelling, jim drinke dochs altiten itselde (*set in fleske bier foar Jan del*). Hjir is ek ien foar dy Henk (*Hendrik grommelet ynstimmend*). Bist let Jan, wat is der bard?

**JAN:** Ik moast nei it belestingkantoar, ik krige in grouwe oanslach.

**BERTHA:** Hoe kin dat no? Do hast fan dyn libben noch nea fêst wurk hân.

**JAN:** No, dat fyn ik ek net kinnen. Dat, ik kom op it belestingkantoar en sis: ik soe graach Ali Baba sprekke wolle. De juffer efter de baalje seit, hjir wurket hielendal gjinn Ali Baba. No, sei ik, dan wol ik graach ien fan de oare fjirtich rovers sprekke. No, doe begûn 't geseur, waard de befeiliging oproppen en waard ik de doar útwurke! berneftich folk dêre!

**BERTHA:** Hoe is 't mei it fuotbaljen gien ôfrûne snein?

**JAN:** Pech hân, we hawwe ferlern mei 5-0 (*wachtet efkes*) ...yn de lêste minút.

**MIEKE:** (*lêst foar*) "De stjerren foar de leafde steane geunstich. In echte hear, folslein yn 't wyt klaaid, sil jo wylde hert oerweldigje." (*oerémis*) Miskien wol in kok út in stjerreresaurant! (*nimt in slokje fan har bier*)

**JAN:** Sjoch dan mar út datst dy de fingers net wer ferbaarnst.



**MIEKE:** Sis Jan, wat bisto foar stjerrebyld?

**JAN:** Weachskeal - altiten goed op gewicht (*laket en slacht himsels op 'e bierbúk*).

**MIEKE:** Hoesa, wat weachsto dan?

**JAN:** Mieke, ik wol 't net hawwe oer myn gewicht; ik bin gewoan goed oan 'e maat.

**BERTHA:** Nee, oergewicht hasto.

**MIEKE:** Weachskeal, dus: "Jo binne in dreamer, yn lykwicht mei jo eigen skientme yn de geast. Jo kreativiteit lit gjin romte foar wurk, dat oaren wer nuver fine."

**JAN:** (*sjocht op 't horloazje*) Krekt ja, ik moat wer oan 'e slach; efkes in potsje sloaie (*drinkt syn bier*) Bertha, kinst noch efkes fluch wat te iten klear meitsje foar my? Ik moat sa fuort.

**BERTHA:** Nim mar in briedwoarst, dy moat ek fuort.

**JAN:** Ja hear, dat is ek goed (*Bertha pakt in briedwoarst, docht dy yn de magnetron dy't efter de bar stiet en draait in sigaret, oanstekker wegeret. Jan sjocht op it menuboerd dat oan de muorre hinget*) Sis Mieke, hasto it menu opskreaun?

**MIEKE:** Ja, om't ik sa moai skriuwe kin (*Bertha set har lêsbрил op en sjocht nei it boerd*).

**JAN:** En wêrom skriuwsto 'spinaazje'?

**MIEKE:** Bertha hat sein, dat ik spinaazje mei 'aai' opskriuwe moast.

**BERTHA:** Wa't staveringsflaters makket, mei se hâlde (*docht har lêsbрил wer ôf*).

**MIEKE:** Wow, by de krúswurdpuzel kinst in wike Ibiza winne! Uhm... sykte mei seis letters... Eh, neat sizze, dy wit ik! Hjir sa, uh... uh... mûzels (*skobbet op har rêch en skriuwt dan*) Folslein goed! En hjir: libbensein mei seis letters?

**JAN:** Houlik

**MIEKE:** (*skriuwt, staverjend*) H-o-u-l-i-k. Ja, dat is goed!

**JAN:** (*laket*) It hinget yn 'e beam en is griis, wat is dat?

**MIEKE:** Ik soe't net witte. Huh, wat dan?

**JAN:** In strús oaljefanten. Goed, hê? (*laket as iennichste*) Mines setst op de rekken, dochs, Bertha? (*Bertha leit har sigaret yn de jiskebak, pakt it bierfiltsje fan Jan en leit it op in gigantyske steapel bierfiltsjes*)

**BERTHA:** Hoe tinkst der oer om ynkoarten ris te beteljen, Jan, foar't ik hjir in twadde toer fan Pisa stean haw.

**JAN:** Ast sa'n attraksje hawwe soest, soene der faaks in pear minsken mear nei "De Waarme Bal" komme (*Bertha sjocht him strang oan*). Bertha, do rekkest dochs fan alles kwyt, kinst net in kear myn bierfiltsjes weitôgje?

**BERTHA:** Jan, ik haw it jild nedich.

**JAN:** Ik krij meikoarten wer myn útkearing en dy giet dan fuort nei dy, sis ik dy ta. En ik sil earst noch even nei it belestingkantoar.

**BERTHA:** (*kloppet him op it wang*) Is al goed, Jan. Wês mar bliid datst net yn Sina wennest.

**JAN:** Hoe sa dat dan?

**BERTHA:** No, do praatst gjin wurd Sinees. (*ynienen is der in lûde knal en komt der reek út de magnetron. Mieke skreaut*) Wat is dat no? (*wiuwt de reek fuort, hellet in yn stikken skuorde briedwoarst út de magnetron en drukt op ferskate knoppen*) Ferdoarje! De Magnetron is stikken.

**MIEKE:** Lokkigernôch is it net de biertaap (*nimt noch in swolchje*).

**JAN:** (*Jan giet efter de bar en pakt in nije woarst*) No ja, dan yt ik wol in kâlde woarst.

**BERTHA:** It muoit my, doe woest grif wat waarms.

**JAN:** Ik haw al wat waarms hân: in bierke (*laket en stoppet in stik woarst yn 'e mûle*). Ik winskje jim in noflike dei, froulju. Hoi, Henk (*slacht Henk op it skouder*)

**MIEKE:** Hoi! Oant moarn! (*Jan giet nei lofts ôf*)

**BERTHA:** Ferdoarje, ferdoarje, ferdoarje! In stikkene magnetron. Dy kin ik no krekt sa goed brûke as fuotskimmel!

**MIEKE:** (*yrritearre en wat koarjend*) Wat moatsto no mei fuotskimmel?

**BERTHA:** Ach mins, Mieke! Ik haw GJIN fuotskimmel nedich! Ik haw jild nedich. Oer trije dagen is de kommende beteltermyn by myn neef.

**MIEKE:** Hmm. Ik haw in idee! Seist gewoan datst noch in bytsje mear jild nedich hast om in nije magnetron te keapjen.

**BERTHA:** Dat kin net. Hy tinkt nammentlik dat ik in ferskuorrend goed rinnend eksklusyf restaurant haw.

**MIEKE:** Wat? Wêrom dat dan?

**BERTHA:** Tsja, wêrom? (*skinkt foar harsels noch in buorrel yn en giet suchtsjend njonken Mieke op de barkruk sitten*) Om't ik him dat ferteld haw (*drinkt de buorrel mei ien slurp leech en sjocht Mieke oan*). Ik moast wol, oars hie dy arrogante lummel my nea it jild foar de kroech jûn. It is sa'n snob, dy ynvestearret net yn in kroech dêr't Mieke, Jan en Henk in smûke middei hawwe kinne.

**MIEKE:** (*tinkt in setsje nei mei de mûle iepen*) En wat bart der as er delkomt?

**BERTHA:** Dy komt echt net by ûngelok nei Kluitenberg (*of plak dêr't it stik opfierd wurdt*). Dy wennet op de Bahama's (*de tillefoan giet oer. Bertha komt mismoedich oerein en giet nei de tillefoan*) "De

Waarme Bal”, hallo? (*sjocht kjel, set in piperich stimke op en stammeret*) Jo... jo ... moatte jo fersind hawwe yn 't nûmer (*smyt de hoarn op 'e heak, ûntset*). Ast it oer de duvel hast!

**MIEKE:** De duvel?

**BERTHA:** Dat wie myn neef. Hy frege hoe't it komt dat in eksklusyf restaurant 'De Waarme Bal" hjit. (*wer giet de tillefoan oer. Bertha drinkt Miekies bier yn ien kear leech en nimt triljend de tillefoan op. Bertha mei bedarde stimme*) "Wynpriuwerij ... (*plak dêr't it stik opfierd wurdt*), wat kin ik foar jo dwaan? ... Ach, Harry! Wat in aardichheid om dy wer ris oan de tillefoan te hawwen! (*wurdt kjel*) Do bist moarn yn ... (*plak dêr't it stik opfierd wurdt*)? Goh, hoe komst sa ynienen dizze kant op? (*grypt harsels fêst en leit har holle op de bar*) hynsterrace hjir yn de buert, soa, soa. (*slacht meardere kearen sêftkes mei de holle op de bar, komt omheech, hân op 'e foarholle en mei in tramtearre gesicht*) Man, man, wat in aardige ferrassing datst del komst! Mar fansels. Hoe let kin ik op dyn komst rekkenje? ... Hmm, Jaaa. Hoi, doe! (*hinget op en rint ûnrêstich hinne en wer*) Ooh, wat slim!! (*besiket ferwoeste om in sigaret oan te stekken, hieltyd wer wegeret of falt de fjoeroanstekker, fertwivele*) Wat moat ik dwaan?

**MIEKE:** (*stadich, bytsje dommich*) No hast echt in probleem.

## Sêne 2

(*Geart, Annabel, Bertha, Mieke, Hendrik*)

(*wylst Bertha ûnrêstich hinne en wer rint, sjocht se efkes ta it rût út*)

**BERTHA:** Oh nee, dêr silst it hawwe, de loko-boargemaster! (*Bertha rint hastich nei it efterste rût, lûkt it iepen en wapperet de reek nei bûten. de sigaret hat se noch hieltiten yn 'e mûlhoeke. Mieke lit harsels ûnopfallend fan de barkruk sakje en 'krûpt dêrûnder wei'. Bertha tsjin Mieke*) Wat dochsto no?

**MIEKE:** Pssst! (*Geart en Annabel komme earm yn earm de kroech yn. Geart hat in keunstsinnich huodsje op, dêr't in pear hierboarstels en wat hierrollers út stekke. Annabel hat in ekstravagante jurk oan, dy't mei aluminiumfoly fersierd is. se sjocht om har hinne mei in wat fiis gesicht*)

**ANNABEL:** Ien minút! En dan geane we nei "Willems Wijnkasteel", ien minút! Langer bliuw ik net yn dit ... fersmoke asosjale krot. (*Bertha fernimt dat se har sigaret noch yn 'e mûlhoeke hat en smyt*

*dy yn it bierglês fan Hendrik. Hendrik sjoch even yrritearre en mompelet wat)*

**GEART:** Komt goed, Haske.

**BERTHA:** *(laket ûnskuldich)* Menear Schut, binne jo dwaande in permanint te setten?

**GEART:** Nee, dat is ien fan de nijste kreaasjes fan myn frou.

**ANNABEL:** Dy hoed heart by myn nijste searje: "Deistige gebrûksfoarwerpen op 'e nij ynterpretearre" *(Bertha besiket net te laitsjen)* Hy makket op provosearjende wize dúdlik hokker rollen uterlikheden, lykas kapsels, yn ús maatskippij spylje. Mar ja, wat witsto no fan moade? *(besjocht Bertha fan kop ta tean en lit dan har each rêste op de plakken op Bertha's trui, dan yrritearre en walgjend)* Is dat mayonêze op dyn trui?

**BERTHA:** Nee, dat is keunst! It makket op provosearjende wize dúdlik hokker rol libbensmiddels spylje yn ús maatskippij.

**ANNABEL:** *(lûkt oan har eachsbrauwen en skodhollet)* Pfff. *(giet op in stoel sitten, fielt wat bulterichs sitten en lukt dan walgjend in hoas mei spitse fingers ûnder har bilwurk wei foar 't ljocht)* Wat is dit dan?

**BERTHA:** Sjoch ris oan, myn hoas! Dy socht ik de hiele moarn al! Ik tink dat Rakker, de kat, dêrmei útpike is. *(laket fleurich, lukt de hoas oan en lûkt oan de skouders)* Tsja, hûnen hawwe in baaske, katten hawwe personiel. *(Mieke besiket mei stoel en al út it gesichtsfjild te ferdwinen)*

**GEART:** *(leit syn hoed op de bar)* Dus...Bertha, der is in klacht ynkommen datsto dy net oan it smookferbod yn de hoareka hâldst.

**BERTHA:** Unsin!

**GEART:** Oer seis wiken binne de gemeenteriedsferkiezings en it soe net bêst wêze as de minsken yn ús gemeente harren net oan it smookferbod hâlde. Ik wol net dat der sein wurdt dat Schut de boel net op oarder hat. Begrypst? It baantsje fan loko-boargemaster noasket my prima; ik wol dat graach noch in skoftke sa hâlde.

**BERTHA:** Meitsje dy no net sa drok. Hjir wurdt net smookt.

**ANNABEL:** *(feninich)* Ach ja, en wêrom driuwt er yn syn glês in peuk? *(wiist nei Hendrik)*

**BERTHA:** Ast dat witte wolst, moatst him freegje; ik krij gjin wurd út dy man.

**ANNABEL:** Smoarch hjir! Ik kin net oars sizze.

**GEART:** Kom, Haske, we sille by Willem in hapke ite.

**ANNABEL:** Prima, mar do drinkst gjin wyn, oké?

**GEART:** Fansels net, Haske. Ik haw aanst noch in ôfspraak by de ûndernimmersferiening. *(It is Mieke hast slagge om út it gesichtsfjild te ferdwinen)*

**ANNABEL:** Frou Stoffers? Mieke Stoffers?

**MIEKE:** *(komt ûnder de stoel wei, yn 'e gong wei)* Oh... hallo *(kielskrabet en docht sa krekt oft der neat te rêden is)*

**ANNABEL:** Smoardronken, mar yn alle gefallen oanklaaid. *(tsjin Bertha)* Frou Stoffers hat oant foar koart by ús skjinmakke.

**GEART:** Mar op in dei, doe't we nei hûs kamen, stie se yn seksy ûnderguod skjin te meitsjen.

**MIEKE:** Ik tocht dat dyn frou fuort wie.

**ANNABEL:** Net te leauwen! Skat, we geane! *(Annabel rint streek-rjocht op de lofterútgong ôf)*

**GEART:** *(tsjin Bertha)* Dus... Bertha, ik fertrou derop datsto dy oan it smookferbod hâldst. En by de gemeenteriedsferkiezings witsto wol wêr'tst it krúske sette moatst, is 't net sa? *(wiist nei himsels)* By de partij fan Schut.

**BERTHA:** Ik wit allinnich dat ik in krúske slaan, sa gau't jim hjir wei binne.

**GEART:** Haske, wachtsje! *(Geart giet lofts ôf, sûnder hoed; Bertha draait in sjekje)*

**MIEKE:** *(tsjin Bertha)* Hasto noch wat te drinken foar my? *(Hendrik mompelet wat en swaait syn bierglês hinne en wer as blyk dat er in nije wol. Bertha tapet foar beiden noch in bierke)*

**BERTHA:** Do hast my noch nea ferteld datst dy baan dêrom kwyt-rekke bist. *(laket)* Skjinmeitsje yn seksy ûnderguod. Tsjonge, jonge, jonge, Mieke: echt ferliedlik.

**MIEKE:** *(stúmjend)* Ik wie derfan oertsjûge dat er tahappe soe. En doe haw ik it mei dat seksy ûnderguod besocht dat se okkerdeis by LIDL yn 'e oanbieding hiene.

**BERTHA:** *(wiuwt it fuort)* Ik moat no nofteren bliuwe en betinke hoe't ik myn neef derfan wjerhâlde kin om dizze kant op te kommen.

### Sêne 3

*(Job, Bertha, Mieke, Hendrik)*

*(Job komt mei in lytse CD-spiler en in reade roas yn 'e hân fan lofts)*

**MIEKE:** Soa, soa, menear Blom!

**BERTHA:** Ah nee, Job, net alwer. Witst, dêr stiet my de holle hjoed hielendal net nei. Hast in idee wa't der saniis skille hat? *(Job strekt de hân út as teken dat se stil wêze moat)*

**JOB:** Bertha, efkes neat sizze. Asjebleaf, dizze iene kear. *(Bertha sykhellet swier. Job fandelet sichtber al syn moed byinoar,*

*knibbelet op 'e lofterknibbel en komt mei in fan pine ferlutsen gesicht wer oerein)* Au, aaah, ik moat dy oare nimme. (*knibbelet op de rjochterknibbel*) Allerleafste Bertha. (*hy docht de cd-spiler oan en der komt muzyk út dy't totaal net passet - marsmuzyk, Heavy Metal of wat oars dat net passet - en Job besiket yn sân hasten de muzyk út te setten*) Ferdoarje, ik haw de ferkearde pakt. Wêr is no de goede muzyk? (*hy siket yn syn jas, fynt de CD en set dizze oan. der klinkt in sêft, romantysk muzykje. Job ûnhandich*) Bertha, by dy streamt it bier as by in wetterfal, mar it is net allinnich dêrom dat ik op dy fal. Al bin ik ek wurkleas, by dy fyn ik treas ...t. As ik yn dyn eagen sjoch ... hê, ferdoarje, hoe wie it no ek alwer?

**BERTHA:** (*nitelich*) Job, toe no mar!

**JOB:** Dus... (*stekt de stâl fan de roas yn 'e mûle, docht him sear, hellet de roas wer út 'e mûle en faget mei in pynlik gesicht oer de lippen*) Ferdoarje, wêrom hawwe dy stomme dingen stikels? Sjoch, Bertha. Ik hâld fan jo, eh...fan dy (*laket ûnwis*) Hê, ik reitsje hielendal fan my aprodinkje, mar eh ... ien ding bin ik wis fan, en dat is dat ik fereale bin op dy, allinnich op dy! En dêrom freegje ik dy hjir op ien skonk: wolst mei my boaskje, it hoecht ek net fuortendaliks!

**MIEKE:** (*oandien*) Ach, wat leaf!

**BERTHA:** Nee, Job. Dat haw ik dy al wit net hoe faak sein

**JOB:** (*fertrietich*) En ik tocht, as ik it oansyk bysûnder meitsje...

**MIEKE:** Mei hearlike romantyske muzyk...

**BERTHA:** Al soest op in wite skimmel oanriden komme en mei in stikelige roas yn 'e mûle fan de Eifeltoer springe soest: ik sis dochs 'Nee'... Wêrom soe ik mei dy trouwe?

**JOB:** (*sykhellet djip yn en út*) Om't it foar my wichtich is. (*komt oerein*) No ja, dan net. Mar ast al net mei my trouwe wolst, kinst dan op syn minst in bierke foar my ynskinke? (*se set in bierke foar him del. As se syn treurige eachopslach sjocht, jout se him in tút op it wang*)

**BERTHA:** Skatsje, ik haw op dit stuit echt oare saken oan 'e holle. Myn neef wol hjir moarn komme!

**JOB:** (*feralterearre*) DE NEEF?

**MIEKE:** Ja. (*wrot mei har hannen yn 't hier en sjocht nei Bertha*) Hoe sjocht dy der eins út?

#### Sêne 4

(*Willem, Job, Bertha, Mieke, Hendrik*)

(*Willem komt lulk fan lofts op*)

**WILLEM:** (*klakt teatraal mei syn tonge*) No is 't genôch!

**BERTHA:** (*suchtet*) Willem, juster wiesto der ris in dei net: dat fielde as in moanne fakânsje.

**WILLEM:** (*klakt mei de tonge*) De loko-boargemaster en syn frou ite no by my.

**JOB:** Wat moai foar dy.

**WILLEM:** (*poerlik*) Ik woe saniis in posjearre ljipaaï op in bedsje fan kaviaar klearmeitsje en wat sjoch ik dêr!? (*klakt mei de tonge. Bertha lukt oan de skouders. Willem wer poerlik*) Ik sjoch dy goare, smoarge kat fan dy, dy myn keuken wer ris ynslûpt is en myn foarried kaviaar op fret!

**BERTHA:** Oh, tankjewol datst my dat fertelst. Dan kriget Rakker jûn in bytsje minder kattefoer.

**WILLEM:** (*fol ôfgriis*) Alderheislikst, wat bin ik sêd fan dy smoarge kat en (*snúft*) dy rook fan âld frituerfet!

**BERTHA:** Aha, en dêrom makkesto my by de boargemaster min as ik sa út en troch mei myn freonen in peuk opstek? (*se besiket wer in sigaret oan te stekken*)

**JOB:** (*makket him foar Willem steande grut*) Asto besikest myn Bertha gek te meitsjen, dan krigest it mei my oan de stôk, begrepen! (*pakt syn galgen, spant se nei foaren en lit se dan los, sa't se tsjin syn boarst klappe*) Au! Blinder!

**WILLEM:** (*arrogant*) Ik soe fansels graach in yntellektueel duel mei jo fiere wolle, mar sa't ik fêststel, binne jim allegearre net wapene. (*sjocht fluch om him hinne, klakt mei de tonge en wiist nei it smoarge servys*) Bertha, rommesto it smoarge servys wolris op of wachtest oant it skonkjes kriget en út himsels nei de keuken kuieret.

**BERTHA:** Ik rêd my wol, Willem. Mar wat Rakker oanbelanget, haw ik wol in tip foar dy. Witst hoe't ik foarkom dat Rakker likegoed as ek de rotten út it magazyn bliuwe?

**WILLEM:** No?

**BERTHA:** Ik haw in foto fan dy oan de doar hongen. (*Mieke en Job laitsje*)

**WILLEM:** (*klakt mei de tonge*) Do en dyn smoarge kroech krij ik noch woll fuort, Bertha! (*Willem nei lofts ôf*)

## Sêne 5

(*Job, Bertha, Mieke, Hendrik*)

*(Bertha ploft del op in stoel en begjint te gûlen)*

**JOB:** Bertha skatsje, wat is der no?

**MIEKE:** Ach leave dochts! *(Mieke en Job rinne hastich nei Bertha om har te treasten)*

**BERTHA:** *(gûlend)* As myn neef moarn komt en efter de wierheid komt, dan is myn kroech foar de dea opskreaun. Hy wol fansels fuortendaliks syn jild werom en dan kin ik de boel slute. En krekt hjir haw ik sa hurd foar wurke.

**MIEKE:** Ik soe derfoar soargje kinne dat er hjir hielendal net ynkomt. Ik wachtsje him foar de kroech op en ferlied him.

**BERTHA:** *(iroanysk)* In te gek idee, Mieke, it leafste noch yn seksy ûnderguod.

**JOB:** Ik soe him, foar't er hjir ynkomt, ûntfiere kinne en him dan earne yn ... *(natoergebiet dat earne fier buten it doarp leit)* efterlitte kinne.

**MIEKE:** *(iroanysk)* Asto dat dochst, wurdt it grif in folsleine katastrofe! *(Bertha lûkt oan 'e noas en snút. Mieke treastet har)* Miskien kin dyn neef it paad hjirhinne wol hielendal net fine. *(wiist nei it rût)* Sjochris, bûten is it hartstikke mistich.

**JOB:** It waar is prima. Allinnich hat Bertha al jierren de ruten net mear skjinmakke.

**BERTHA:** *(berêstend)* Faaks hat Willem ek wol gelyk. Faaks is it better as ik de boel slút. Ik stean allinnich mar read. Hjir komt nea immen útsein in pear stamgasten. En no hat de loko-boargemaster my ek noch yn 'e smizen. Miskien is dat gedoch mei myn neef allinne mar in teken dat myn dream definityf ta in ein rint en dat ik de boel slute moat. *(Job eb Mieke sjogge inoar kjel oan)*

**MIEKE:** *(sjokkearre)* Bertha, dat kinst net meitsje.

**BERTHA:** Kinst dyn bierke ek út de kuolling by ... *(lokale super-merk)* helje. Wa bin ik no hielendal dat ik mien dat ik hjir ta skea fan alles myn kroech iepenhâlde moat?



Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**